

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....

Wit Wat

**Skriuw de wurden op it goede plak.**

(Kies út : sear, foet, klear en goed.)


**Gedicht**

Jan soe op 'e fyts nei beppe,  
 mar it gie hielendal net .....

Hy is bûten hiel raar fallen,  
 en doe bruts ús Jan syn.....

Dokter hat de skonk wer makke,  
 gips derom, 't wie samar .....


Sjoch dêr sit Jan yn syn karke,  
 en it docht net iens mear .....



**In skelet.**

**Skriuw de wurden by it goede plaatsje.**

Kies út: holle, hân, knibbel, skouder, ribben, foet.




Fan wa binn' dizze bonken?

Set de wurden by it goede skelet en de letter yn it goede hokje.

Wat komt út de puzzel? .....

Kies út: 1.karper, 2.oaljefant, 3.sjiraffe, 4.walfisk, 5.ûle, 6.ko, 7.poes, 8.ein



.....



.....



.....



.....

1	2	3	4	5	6	7	8
---	---	---	---	---	---	---	---



**Witst wol:**

- dat lytse poppen wol 350 bonkjes ha?
- datsto noch mar 206 hast?
- dat twa lytse bonkjes soms letter ien grutte bonke wurde?
- dat it lytste bonkje yn dyn ear sit?
- dat de grutste de bilbonke fan dyn skonk is?
- dat der 33 bonken yn dyn rêch sitte?
- datst mei dyn rêch hiel foarsichtich mei wêze moatst?
- dat de helte fan dyn bonken yn dyn hannen en fuotten sitte?
- dat dyn bonken elke dei in lyts stikje groeie?
- dat se yn 'e grûn soms bonken fine fan hiel lang lyn?



**Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)**

1. Ik sjoch in plysje-auto.
2. Op 'e tekening stean 6 minsken.
3. Op 'e auto stiet 211.
4. It jonkje hat de hân brutsen.
5. Op it dak stean 7 letters.
6. Heit triuwt it karke
7. Mem hat flechtsjes.
8. Foar it raam stiet in dokter.
9. It jonkje hat in pet op.
10. It is hjoed moai waar.



# Bonken - 4

## WOL OF GJIN BONKEN.






Net alle bisten ha bonken.

Skriuw de namme fan it bist by de plaatsjes.

Set der ek: **wol bonken** of **gjin bonken** by.

De bisten binne:

Fisk, Slang, Kwal, Liuw, Slak, Hûn, Wesp, Wjirm, Mosk, Flinter.



# Bonken - 5

## SUDOKU



Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.  
In hân, in bonke, in ear, in skedel en in fiskgraat


Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.

***Kinsto de oare plaatsjes tekenje?***




Bonken - 6

KLAAI IT SKELET OAN



Wit Wat